

[0276]

## DE NIJLANSEED

It yndykjen fan 'e Middelsé yn 'e foarste helte fan 'e 13de ieu troch it lizzen fan 'e Tjessingadyk<sup>1)</sup> joech Fryslân der gâns in hoeke lân by. Soks brocht op it mêd fan 'e rjochterlike organisaesje - lyk as dat ek it gefal west hat yn it Suderleech en noch wêze sil yn 'e nije Lauwerssepolder - in swierrichheit mei. Moast it nijlân forparte wurde ûnder de bisteande rjochtsgebieten, of moast der in aparte regeling foar makke wurde? It lêste hawwe hja destiids foar kar nommen; Eastergo hat in wet oannommen, dy't wy nou 'wet op 'e rjochterlike organisaesje fan it nijlân' neame soene, to witten de saneamde *Wilker thes nija landes*. It is de hjitting, dat dy *wilker* yn 1242 fêststeld waard, mar der is al mear as ienris op wiisd, dat it ieutal net doocht; de *wilker* datearret mûlk fan 1342, is yn alle gefallen net âlder as 1275, mar kin perfoarst net fan 1242 wêze<sup>2)</sup>. Neffens dy kêsten waerden nijlânsgerjochten ynsteld, dêr't nijlânsgrytlju de foarsit yn hiene. It binne opmerklike gerjochten, hwant har foech wie likernôch ûnbiheind, wylst it gebiet fan dy gerjochten mar in lapke groun bisloech.

*Gebiet.*

Om mei it lêste to bigjinnen, it docht bliken, dat b.g. op it nijlân biwesten Ljouwert mar leafst fiif nijlânsgrytlju tahâldden. Har gebiet waard omseame troch de Tjessingadyk yn 't noarden, de Middelsédyk yn 't easten en westen en troch de Boksumer- en Nijlânsdyk yn 't suden en wie dus nei alle gedachten noch gjin 20 km<sup>2</sup> great. Midden troch dat gebiet roun fan súd nei noard de Swette, de grins tusken Easter- en Westergo. Op 'e gerjochtichheit fan Westergo - dêr't de niisneamde *wilker* dus net foar gou - sieten twa nijlânsgrytlju, to sizzen dy fan Deinum<sup>3)</sup> en dy fan Marsum<sup>4)</sup>. Sylster- en Biskopsrak sille har

1) Sjoch: *Binnendiken en Sliepdiken yn Fryslân* fan K.A. Rienks en G.L. Walther, Bolswert 1954 (Tekstdiel), side 157 e.f.

2) M.P. van Buijtenen hat yn *De Leppa* (Dokkum 1944, s. 12 e.f.) alle war dien om to biwizen, dat it jiertal 1242, dat yn 'e *wilker* stiet, wól goed wêze kin. Hy hat my dochs net oertsjûgje kind. Dat de *wilker* net fan 1242 wêze kin, docht bliken oan de *rijders*, dy't der yn foarkomme. Om't ik gjin autoriteit bin op it mêd fan 'e muntkunde, haw ik foar alle wissichheit Dr. Enno van Gelder dêroer skreaun en ik krige dit andert: 'inderdaad kan naar mijn mening een ontstaan van de "Wilker thes nya landes" in 1242 op grond van de vermelding van rijders uitgesloten geacht worden. Hiermede worden nl. zonder twijfel bedoeld Henegouwse zg. gros au cavalier (juister 6-penningstukken, ook wel 2/3de groot genoemd) van gravin Margareta, die tussen 1275 en 1280 zijn ingevoerd. Dat geeft een duidelijke terminus post quem". Van Buijtenen lykwols stapt oer dat biswier tsjin it jier 1242 hinne en stelt dan, dat der winliken mar twa mûglikheden binne: 1242 is goed óf it moat - troch it útfallen fan in C - 1342 wêze. Fan dy - neffens my fierstento biheinde - mûglikheden kiest er 1242, om't de tekst hat: *feria secunda ante nativitatem sancti Johannis baptiste*, de moandei foar St. Jan. Nou foel St. Jan yn 1342 op in moandei en dat bitsjut neffens Van Buijtenen, dat de niisneamde datearring „praktisch onmogelijk" wêze soe. Ik kin dat - foaral om't it hjir sa'n forneamde hjeldei as St. Jan is - net ynsjen. Mar ik achtsje it wol hwat nuver, dat Van Buijtenen nou mar 1242 oannimt, nettsjinsteande de „rijders", wylst boppedat - sa't er yn in noat ek al seit - St. Jan yn dat jier op in tiisdei foel en men dan forwachtsje mocht, dat der *in vigilia St. Johannis Baptiste* skreaun wie.

3) Húsarchyf Epema 8, 1445 maeije 17; O I 151, 1458 july 2. De lêste oarkonde docht bliken oan, dat ien fan 'e rjochters to Blessum wenne; hoe 't dat sit, sil hjirnei bihannelde wurde.

4) O I 209, 1407 okt. 10. Opfallend is, dat hjir fan nijlâns hemrik praet wurdt; 'hemrik' hat

gebiet skaet hawwe. De gebieten yn Eastergo jowe mear swierrichheden. Wy founen dêrre:

- a. *Husma nya land* (O I 60, 1432 sept. 17), *Huusma nya landis riucht* (O I 101, 1448 nov. 11).  
Yn it foarste stik jowt de grytman mei syn beide *mederiochteren* in ferdban op in stik lân, dat Johan Winter it jiers tofoaren as wissichheit foar in liening fan 18 skylden oan Rymmert di merser oerdroegen hie (O I 51, 1430 july 3). Doe't Johan Winter de sinten net werom bitelle, foel it lân oan Rimmert yn eigendom ta <sup>1)</sup>. It oare stik is ek in ferdban, diskear fan 4 pounsmjitte lân *in da Kostlând* <sup>2)</sup>, dat de keaper Beenka kuper to Ljouwert tawiisd wurdt, nettsjinsteande dat in nêstlizzer it near der op lizze woe <sup>3)</sup>.
- b. It *Batuwa-* of *Hirnarjocht* to Ljouwert (O I 13, 1406; O I 176, 1455 maeije 12). Forlykjen fan inkelde oarkonden docht útwizing, dat dy beide nammen ien en itselde gerjocht oantsjut hawwe moatte. Yn 'e foarste oarkonde, dêr't yn praet wurdt fan *Batuwa*, jowt de Ljouwerter ealman Hoecka Mynnema, *gretman inder Batuwa*, mei syn fjouwer <sup>4)</sup> meirjochters in ferdban op fjouwer pounsmjitte lân, kocht troch Gossa dy bloedleter fan Mamma Mammingha<sup>5)</sup>. Ut O I 12 (1406 juny 26) docht bliken, dat dat stik lân yn de Buweersterfinne by Ljouwert lei. It stik lân giet yn 1462 wer yn oare hannen oer: dan wurdt it St. Anthony-gasthús eigener (O I 166, 1462 nov. 10). As dat in ferdban freget, is it de ealman Sipka Mynnema, *grytman in da Hirna riucht op Liouwerdera Nya land*, dy't wer mei fjouwer meirjochters in ferdban „kloppet” <sup>6)</sup> (O I 176, 1465 maeije 12). Om't fêst stiet, dat in ferdban frege wurde moast oan it gerjocht, dêr't it lân ûnder hearde <sup>7)</sup>, moat itselde gerjocht doe dus in ferdban foar dat lân jown hawwe, of, oars sein: *Batuwa-* en *Hirnarjocht* binne ien en itselde gerjocht.
- c. Net folle wissichheit hawwe wy oer it fyfte gerjocht: it Kagesrjocht <sup>8)</sup>. It kin slim itselde gerjocht wêze as it *Batuwa-* of *Hirnarjocht*, sa stelde P. Gerbenzon al <sup>9)</sup>; lei it *Hirnarjocht* nei alle tinken oan 'e súdwestkant fan

alear de bitsjutting “mienskiplike doarpsgroun” hawn (sj. J.P. Winsemius, *De historische ontwikkeling van het waterstaatsrecht in Friesland*, Franeker 1947, s. 128).

1) In soarte fan “forfalpân” dus, sj. dêroer: A.S. de Blecourt, *Kort begrip van het oud-vaderlands Burgerlijk recht*, 6e druk, bewerkt door H.F.W.D. Fischer, Groningen/Djakarta 1950, s. 247 e.f.

2) Forlykje O I 153: *wp Hwsma land in da cost laund*.

3) Hwerom't dy ôfkitst waerd, docht net bliken.

4) Dit tal docht frijemd oan. Men mei oannimme, dat der oarspronklik sawn meirjochters west hawwe, om't nei alle gedachten de rjochtbank fan de (legere) grytman fuortkommen is út de skout (foarsitter) mei sawn (fan de tolve) orkenen. Yn 'e âldere oarkonden sjogge wy dan ek, hoe't dat tal opjown wurdt. (O I 24, 1417 july 2). Letter bliuwe der mar twa oer. Mûglik hawwe wy hjir mei in oergongstiid to krijen (de sawn binne ta 4 formindere), mar men kin tinkt my earder oannimme, dat it stêdsrjocht dêr fan ynfloed west hat.

5) Testemintet yn 1407, nov. 25 (Chr. Schotanus, *Tablinum* efter: *De Geschiedenissen Kerkelyck ende Wereldtlyck van Friesland Oost ende West* Franeker 1658, s. 69/70).

6) Under it “kloppen” fan in ferdban sil forstien wurde moatte, dat de foarsitter fan it gerjocht, nei't fêststeld wie, dat nimmen it near der op lein hie, mei syn foarsittershammer op 'e tafel sloech.

7) *Wilker thes nija Landes*, De Vrije Fries XIV (1881), s. 435.

8) *Fryske Stikken út Codex Furmerius*, Estrik XXXIII, diel I, s. 23.

9) *Fryske Stikken út Codex Furmerius*, Estrik XXXIII, diel I, s. 22.

Ljouwert (lykwols binoarden it Galgerak 1)), it Kagesrjocht sille wy mear noardwestlik sykje moatte (Keechsdykje!). Dat noardwestlik fan Ljouwert in biskaet gerjocht sitten hat, leit boppedat yn 'e reden. Hwant Ljouwert koe fansels nearne oars oanspraek op meitsje as op it nijlân biwesten, net binoardwesten de stêd, dus op syn heechst oan 'e Marsumerdyk ta. Dêrboppe lei *Nijlandera*<sup>2)</sup>, oanslike by it rjochtsgebiet fan it middelste `trimdeel' fan Ljouwerteradiel (mei Bilgaert en Taniabuorren). Dat *Nijlandera* koe sadwaende utersté net ûnder it Ljouwerter Hirnarjocht falle, mar sil ek net ta it gebiet fan Ljouwerteradiel heard hawwe, mar in eigen nijlânsgerjocht hawn hawwe. En it liket my ta, dat dat nijlânsgerjocht wolris Kagesrjocht hjitten hawwe kin.

#### *Foech* (kompetinsje).

De nijlânsgerjochten binne min ofte mear oan bisteande gerjochten fêstwoeksen. Hwa't nou tinke soe, dat har rjochtsmacht fan 'e bisteande gebieten ôflaet wêze soe, roait de planke mis. It rjocht fan it Deinum-, Marsumer- en Huzumernijlân is net to forlykjen mei it rjocht fan dy doarpen. De doarpsgrytman hie net folle to sizzen : hy wie in soarte fan fjildwachter, dy't sels - neffens in fan tofoaren opmakke taryf - immen yn 'e boete slaen koe, as dy in lyts forgryp dien hie<sup>3)</sup>. In ferdban mocht er nea net "klopje", dy foech krige er net ienris, as syn doarp de lege stêdsrjochten krige<sup>4)</sup>. De nijlânsgrýtman - sa docht bliken út 'e niisneamde oarkonden - mocht dat àl. Dêrom hoege wy ek net sa hoeden foar de yn it bigjin fan dit stik neamde *wilkeren* oer to stean, as dêryn sein wurdt, dat de nijlânsgrýtman foech hie om alle foarkommende saken: skelen oer lân, rôf<sup>5)</sup>, hier, stelderij, ûnrjochtlik ploeijen<sup>6)</sup>, forwouning en manslach to birjochtsjen. Nou binne der wol gjin oarkonden mear oer, dêr't dy kompetinsje út blykt - om't der net sa folle lju wennen, sille hja dêrsanne ek net in bulte deilis west hawwe - mar dat let nei myn bitinken neat; der binne lang net fan alle *g r i t e n i j e n* sokke oarkonden biwarre bleaun en dan docht it jin gjin nij, dat dy pjutterige rjochtsgebieten gjin forskaet fan fonnissen oerlevere hawwe. Fan gefolgen meije wy oannimme, dat de nijlânsgrýtlju oer in soad dingen to kedizen hiene; har macht wie to forlykjen mei dy fan in dielsgrýtman (b.g. yn Dongeradiel, Ferwerteradiel, Ljouwerteradiel, Tietsjerksteradiel of Idaerderadiel<sup>7)</sup>).

1) Sj. O II 42, 1456 nov. 17.

2) *Register van de Aanbreng van 1511 ...* uitgegeven door het Friesch Genootschap van Geschied-, Oudheid- en Taalkunde deel I, Leeuwarden 1879, s. 80-82. It docht dêr klare bliken, dat dit *Nijlandera* jit net ûnder de stêd heart. Sj. ek: *De friesche steden en haar „uitburens“* troch O. Postma, *Vrije Fries* 36 (1941), s. 111/112.

3) Sj. J.P. Winsemius, *De historische ontwikkeling van het waterstaatsrecht in Friesland*, Franeker 1947, s. 45 en ek O II 202 oer de foech fan 'e tollegrytman fan Peinjum.

4) Sj. it Merkrjocht § 1, *Friesische Rechtsquellen* von K. von Richthofen, Berlin 1840, s. 421. Dat soks ek letter jit gou, blykt b.g. út de kompetinsje fan it Berltsumer rjocht, sj.: *Net Utgong mar Tutingum*, *De Pompeblêdden XXI* (1950), s. 39/40: „wtseyd fan lidsende Eerw“.

5) De wilker fan it nije lân hat dêr neffens it hânskrift net *raet*, lyk as yn 'e *Vrije Fries XIV*, 1881, s. 434 ôfprinte waerd, mar *raef*.

6) Yn it hs. stiet net *wr end* (neffens it oanhelle wurk hjirboppe, s. 435), mar *wr erd*.

7) Sj. O I 29; Wynyma Wilkeren (*Fryske Stikken út Codex Furmerius*, diel II, Estrik XXXIV), s. 74 en foaral ek: M.P. van Buijtenen, *De Leppa* (Dokkum 1944), s. 17 e.f. Dat

*Rjochters.*

It leit yn 'e reden, dat de lju, dy't in funksje by dat nijlânsgerjocht hiene, ek yn it nijlân bigoedige wêze moasten. Lykwols net yn dy sin, dat hja eigeners fan in stik lân wêze moasten; ek de hierder koe dêr rjochter wêze <sup>1</sup>). De rjochters sille fansels meastentiids - foaral yn it begjin - net op it nijlân wenne hawwe. In forbining fan funksjes wie dus mûglik, hwant de nijlânsrjochter koe fansels ek yn 'e oanswettende gerjochten sit hawwe. Yn 'e Boazumer kontreien wie nijlân njonken mear doarpen ûnder ien gerjocht brocht en dêr gong it rjocht "om" oer de doarpen<sup>2</sup>). Oft dêr, of earne oars, ek in omgong oer de pleatsen fan 'e doarpen west hat, is min to sizzen.

*Ofskaffing.*

Albrecht fan Beijeren noch Albrecht fan Saksen hie in soad mei de nijlânsgerjochten op. De earste brocht b.g. yn 1399 Sâtlean ûnder it gerjocht fan Weinbrêge <sup>3</sup>). Albrecht fan Saksen hie yn syn organisaesje likemin plak foar soksoarte gerjochten. Alles waerd forparte ûnder de gritenijen fan in nij - troch him úttocht - type <sup>4</sup>), wylst Ljouwert it Ljouwerter nijlân tadield krige hat <sup>5</sup>). Mei in protte fantasij kin men allinne sizze, dat Raerderhim faeks in nijlânsgerjocht west hat, dêr't in stik âldlân byplakt is, en ek it Bilt kin in nijlânsgerjocht neamd wurde, alhoewol't sa'n ûnderskieding yn 'e nije organisaesje fan lykwaardige gritenijen gjin inkeld doel mear hat.

*N. E. Algra.*

docht ek bliken, as wy sjogge, hoe't hja fan it nijlânsrjocht it fuortynienen heger bisykje koene by it lânsgerjocht en net by it dielsgerjocht (sj. De Wilker fan it nije lân, Vrije Fries XIV (1881), s. 435: "Sannet ther twene vmbe land jefta umbe noet in tha lande"); it foar it dielsrjocht bringen fan in saek, dy't troch de nijlânsrjochters birjochte wie, wie op 'en strangsten forbean (dêrsanne, s. 441) en likemin koene kleijers, dy't gjin gelyk krige hiene foar it nijlânsgerjocht, nei it wikseljen fan 'e rjochters jitris har klacht tofoaren bringe (dêrsanne, s. 436).

1) O I 101, 1448 nov. 11 r. 21/22 "ick Haya Folsengahusen aeck mede riuchter habbe beden Hemcken Taedengha myn landhera dat hia hiara sighelen fan vser weyna . . . hiir oen spacium disses brewes mey hwensen habbet".

2) O II 14c (1427, maeije 2). Yn 'e wilker fan it nije lân wurdt allinne mar sein, dat it rjocht op Sint Johannesdei wikselje moat (Vrije Fries XIV (1881), s. 439).

3) ARA, Register "Bevelinge II 1392-1404", ynv. nû. 324a fol. 70 recto, Colmjon nû. 428.

4) Sj. ien fan 'e kommende nûmers fan US WURK.

5) Sj. *De friesche steden en haar "uitburens"* troch O. Postma, Vrije Fries 36 (1941), s. 107/108, 111/112.